

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Kramer
	Underwerp: ferkeap BBL-grûn
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>No't it Bureau Beheer Landbouwgronden (BBL) opheven is, is it Ministearje fan Ekonomyske Zaken (EZ) op 31 maaie úteinset mei de ferkeap fan de oerbleaune besittingen fan BBL, wêrûnder tal fan perselen grûn ferspraat oer hiel Nederlân.</p> <p>Op de webside http://www.verkoopbblbezit.nl/ is middels in ynteraktive kaart te sjen hokker perselen fia iepenbiere ynskriuwing te keap oanbean wurde. Hjirûnder ek perselen yn Fryslân, dy't foar in part lizze yn ien fan de trije 'prioritêre provinsjale gebieten', te witten Achtkarspelen-Súd. Yn de taljochting wurdt oanjûn dat oerheden dy't de grûn nedich binne foar de realisaasje fan eigen beliedsdoelen, lykas provinsjes, gemeenten en wetterskippen, foarrang krije kinne.</p> <p>Yn jo brief kenmerk 01429646 oer de grûnferwerving foar natuer geane jo eksplisyt yn op de wize fan oankeap troch de provinsje, de prioriteitstelling dêrby en it tal hektares dat noch te realisearjen is foar 2027.</p> <p>De iepenbiere ferkeap hat yn Achtkarspelen laat ta gâns opskuor by grûneigeners en oare belutsenen by de realisaasje fan de werynrjochting yn it bedoelde gebiet.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Binne jo op de hichte fan de iepenbiere ferkeap fan de oerbleaune BBL-grûn op de frije merk? 2. As de bedoelde perselen yn Achtkarspelen-Súd ferkocht wurde oan partikulieren, stiet dit dan it fierdere proses fan frijwillige ruil yn it gebiet yn de wei? Is de Provinsje syn 'smarmiddel' yn it gebietsproses dan net kwyt? 3. As in part fan de grûn binnen dit werynrjochtingsgebiet yn hannen fan treden komt, en de mooglikheden foar frijwillige ruil dêrmei (fierder) beheind wurde, wat betsjut dat dan foar it heljen fan de provinsjale natuerdoelstelling, kwa planning en kwa tal hektares? 4. De bedoelde perselen steane op de ynteraktive kaart fan RvO / EZ no (20 july 2017) noch op grien, dat wol sizze der kin noch op bean wurde mei in 'marktconforme' priis. Is de Provinsje fan doel en easkje har prioritêre posysje as belanghawwende oerheid op om dizze grûn sa gau as mooglik yn eigendom te krijen?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)
	FNP, Wopke Veenstra

Datum	21 july 2017
-------	--------------